

Riedsútstel

Ried	:	6 april 2017
Agindapunt	:	7
Status	:	Opiniërend/Besluitvormend
Program	:	Programma 1 - Mienskip
Eardere behandeling	:	
Portefúlgehâlder	:	dhr. J. Stellinga
Amtner	:	mevr. D. Verbeek
Taheakke	:	Taheakke 1 - Taalferoardering Frysk gemeente Achtkarspelen Taheakke 2 - Ferskillenanalyse âlde en nije taalferoardering

Underwerp

Taalferoardering Frysk gemeente Achtkarspelen 2017

Foech ried/kolleezje:

De ried hat it foech om de feroardering fêst te stellen.

Wy stelle jo foar te besluten om:

de 'Taalferoardering Frysk gemeente Achtkarspelen 2017' fêst te stellen.

Ynlieding

De Wet gebrûk Fryske taal skriuwt foar dat de yn 'e provinsje Fryslân fêstige bestjoersorganen dy't net ta de sintrale oerheid hearre, regels opstelle oer it brûken fan de Fryske taal yn it skriftlik en mûnling ferkear. Us gemeente hat op dit stuit in Feroardering Frysk yn it skriftlik ferkear. Yn de feroardering dy't no foarleit, ha wy ek regels opnommen oer it Frysk yn it mûnling ferkear.

Te berikken effekt

- It ferbetterjen fan de posysje fan it Frysk yn it bestjoerlik ferkear.
- It bieden fan rjochtswissens foar de boarger yn de omgong mei de gemeente.

Arguminten

De Wet gebrûk Fryske taal stelt regels foar gemeenten oer de Fryske taal yn it bestjoerlik ferkear

De Wet gebrûk Fryske taal bepaalt dat gemeenten regels opstelle oer it brûken fan de Fryske taal yn skriftlike stikken en yn it mûnling ferkear. Dizze regels ha yn elts gefal bepalingen dy't rjochte binne op it fuortsterkjen fan de posysje fan de Fryske taal yn it wurkgebiet fan it oanbelangjende bestjoersorgaan.

De feroardering docht rjocht oan it begjinsel fan twataligens

Taheakke feroardering docht rjocht oan it begjinsel fan twataligens. Yn de feroardering is fêstlein dat it de bestjoersorganen fan de gemeente frij stiet om sels de kar te meitsjen foar it brûken fan de Fryske of de Nederlânske taal.

Finânsjes

Yn artikel 4, earste lid fan de feroardering is opnommen dat it bestjoersorgaan op fersyk in Nederlânsktalige oersetting jout fan in dokumint dat yn it Frysk steld is. Dizze oersettingsregel is wichtich foar de rjochtsbeskerming fan net-Frysktaligen. Gemeenten kinne foar it oersetten leezjes freegje. Oant no ta komt dizze fraach einliks net foar. Dêrom is yn 'e feroardering opnommen gjin leezjes te freegjen.

Ried : 6 april 2017
Punt : 7
Side : 2

Gearwurking

De taalferoarding dy't foarleit is opsteld yn gearwurking mei de gemeente Tytsjerksteradiel. De tekst fan de feroarding is foar beide gemeenten itselde. Foar de meiwurkers fan de trije organisaasjes (Achtkarspelen, Tytsjerksteradiel en de Werkmaatschappij) is dat fan grut belang omdat der oars in situaasje ûntstiet mei ûndúdlikens oer it brûken fan de taal.

Kommunikaasje

Nei it fêststellen fan de feroarding publisearje wy dizze op de wetlik foarskreaune wize en fia it hûs-oan-hûsblêd Actief. Ek stjoere wy de feroarding nei it ministearje fan Ynlânske Saken.

Bûtenpost, 17 maart 2017

it kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Achtkarspelen,

siktaris, boargemaster,

mr. drs. E.H.C. van der Laan G. Gerbrandy

Riedsbeslút

De ried fan de gemeente Achtkarspelen;

nei it lêzen fan it útstel fan it kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan 17 maart 2017, punt nr. 7;

mei it each op artikel 5, earste lid, fan de Wet gebrûk Fryske taal;

beslút:

de 'Taalferoarding Frysk gemeente Achtkarspelen 2017' fêst te stellen.

Sa fêststeld yn de iepenbiere gearkomste fan de ried van de gemeente Achtkarspelen fan 6 april 2017.

De griffier,

De foarsitter,

mefr. J. van Hoppe MPM

G. Gerbrandy